LEEUWARDER COURANT
09 juni 2012, pag. 9

tegast

Stúdzje Frysk mei net ferdwine

De akademyske stúdzje Frysk driget te ferdwinen, no't de Ryksuniversiteit Grins (RuG) fanwege besunigings fan doel is om it Frysk mei oare lytse talen ûnder te bringen yn in brede oplieding Europeeske talen en kultueren. It tal FTE's fan de oplieding Frysk sil dêrby krimpe fan 5,0 in pear jier lyn nei 0,9. Koartlyn is it Frysk as doktoraal haadfak al ferdwûn oan de universiteiten fan Amsterdam, sadat op dit stuit noch mar op ien plak Frysk studearre wurde kin op akademysk nivo. As it Frysk no ek noch ferdwynt oan de RuG is it definityf syn wittenskiplike status kwyt, wat in heilleaze ferearming foar de Fryske kultuer betsjutte soe. It is ûnbegryplik dat it Nederlânsk regear dit talitte soe, omdat it folslein yn striid is mei de status fan it Frysk as twadde rykstaal. Dizze erkenning mei net beheind bliuwe ta moaie wurden, mar jout de ferplichting it mooglik te meitsjen it Frysk op akademysk nivo te studearjen. Boppedat hat de ryksoerheid yn in bestjoersôfspraak mei de provinsje Frysk fêstlein dat it Frysk as haadfak yn Grins oerein bliuwe soe. Yn dit ferbân is it wrang dat it wol mooglik is Frysk te studearen oan de Universiteit fan Kiel. Werom kin yn Dútslân wol wat by ús net kin?

It mei wier wêze dat it tal studinten dat haadfak Frysk studearret mar lyts is, mar itselde jildt foar oare talenstúdzjes dy't wol bestean bliuwe. Sa hearde ik in skoft lyn yn't televyzjeprogram Buitenhof dat men it Sumerysk, in taal dy't al ferskate ieuwen lyn útstoarn is, studearje kin oan de universiteit fan Leien. Dat is moai, mar is it net wichtiger foar ús lân, dat libbene talen as it Frysk bewarre bliuwe? Boppedat binne der in protte studinten fan oare fakgebieten as letteren dy't Fryke kolleezjes folgje. Sa haw iksels as studint skiekunde Frysk leard oan it Frysk Ynstitút yn Grins. Mei AFUK-kursussen allinnich, hoe nuttich ek, komt men der net. My tinkt dat ek de Fryske Akademy en de nije University Campus Fryslân yn Ljouwert in rol spylje moatte by it behâld fan't Frysk op wittenskiplik mêd. Ik bin earlik sein bang dat Grins it eins net sa slim fynt, dat krekt de stúdzje Frysk ferdwine soe.

JEHANNES ELZINGA
FRJENTSJER

Goffe Jensma, heechlearaar Frysk. FOTO LC/ JAN DE BOER